

Juryrapport fan de Fedde Schurerpriis 1984,  
út te rikken op 25 oktober 1984 yn it  
Provinsjehûs te Ljouwert om 16.30 oere.

---

Achte oanwêzigen,

Ut namme fan 'e advyskommisje foar de  
Fedde Schurerpriis mei ik hjir in wurdmannich sizze.

Hoewol't ek wy wiis binne mei dizze nije  
priis foar debuten, moatte wy al fêststelle dat it  
foar in beoardielingskommisje in heikrewei is ta in  
kar te kommen - al seit elke jury soks, fansels -  
want it grut ferskaat fan sjenres, proaza en poëzy,  
annekdoaten, romans, ferhalebondels, berneboeken,  
berneferskes en sels stripferhalen, - ryp en grien -  
makket in goed fergelykjen hast ûnmooglik.

Dêrby komt, dat net allinnich it wurk fan in "chte"  
debutant beoardiele wurde moast, mar èlk debút-yn-  
in-bepaald-sjenre, los fan it feit oft de skriuwer  
ek op in oar mêd fan'e literatuer al dwaande west  
hie.

Sa hat Willem Verf alris earder in ferhaal  
skreaun dat bekroand waard mei de Rely Jorritsma-  
priis. En, yn'e ôfrûne fjouwer jier hat er  
debutearre mei in roman, mar èk mei in ferhalebondel.  
Ferskate debuten dus.

Sa waard hjir it adfysearjen foar de  
kommisje wier net maklik, mar, mei alles foar eagen  
wat ik nou krekt neamd ha, binne wy wol ienriedich  
ta it beslút kommen, dat oan Willem Verf dizze  
priis takomt, net yn it minst mei om it feit dat  
wy de hope hawwe yn'e takomst mear fan him

ferwachtsje te meijen.

Wat hat ús no oanlutsen yn de ferhalebondel "In delgeande tiid"? Yn it foarste plak it ûnderwerp: in bepaald slach jongerein mei harren problematyk yn dizze wrâld, wurkleazens, sûperij, ferfeling. Verf skriuwt oer dizze jonges en famkes mei kennis fan saken, begryp, leafde sels, en docht dat yn in tige flotte styl mei in skerp each foar details.

Hat de kommisje dan gjin minpunten fûn? Jawis wol. De titel fan de bondel "In delgeande tiid" .....goed. Mar de taheakke "en oare plysjeferhalen"? De ferhalen geane wol oer plysjes, mar binne it dêrom wat wy fersteane ûnder it wurd Plysjeferhalen? Nou, né.

Fierder is de komposysje fan syn ferhalen soms frijwat breklik, de "plots" binne net altyd like sterk, syn wurdkar is sels wat earmoedich en as er filosofearret is er net bot carspronklik, mar sa'n begjinnend skriuwer mei fansels noch net alles fan frege wurde.

Wy hoopje dat dizze Fedde Schurerpriis Verf oantrune sil om fierder te gean, want syn skriuwerij hat in nij aspect jûn oan de Fryske literatuer.

De advyskommisje,

J.J. Bijlsma

refr. T. Jonkman-Nauta

refr. R. Postma-Stolk